

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Better in lûs  
yn 'e pot as  
hielendal gjin fleis



## Autobedrijf

Theunis Hofstee beleefde een prachtige start van zijn bedrijf. 'Ik ha it hartstikkene drok'

Pagina 3>



## Supermarkt

Siebe en Jetske Tolsma winnen met hun team de prijs van beste Coöp-winkel van Nederland

Pagina 3>



## Doarpskranten

Diggelfjoer en Diggelfjoer dogge it mar bêst, in twadde en tredde priis mei Fryske ferhalen

Pagina 7>

## Fryske Underwiispriis foar Greidhoeke goes Onderwijs



Gedeputeerde Sietske Poepjes trakteerde de winnaars van de Friese onderwijsprijs op gebak.

**Ljouwert** - It projekt De Greidhoeke goes Onderwijs (GGO) is beleane mei de Fryske Underwiispriis. Ek de publykspriis wie foar de fjouwer basisskoallen. Op freed 25 jannewaris makke deputearre Sietske Poepjes op it provinsjehûs yn Ljouwert bekend dat De Opslach út Wommels, De Romte út Itens, De Stjelp út Baard en It Bynt út Winsum mei harren projekt de priis yn de wacht sleept hawwe. De skoallen, ûnderdiel fan De Gearhing, binne no yn de race foar de lanlike ûnderwiispriis, dy't op 27 maart yn Leiden útrikt wurdt.

Troch Hinne Bokma

It projekt Greidhoeke goes Onderwijs stelde de bedriging fan de

skries en it gebrek oan biodiversiteit yn it lânskip yn de Greidhoeke sintraal. De bern fan de fjouwer skoallen diene sels ûndersyk. Se folgen de reis fan de skries fan de

Greidhoeke nei Spanje en Afrika, diene ûndersyk nei syn libbenswize en ûmjouwing en beseagen de diversiteit fan de natoer yn de Greidhoeke fan tichtby. It projekt stie hiel tichtby de belibblingswrâld fan de bern.

Neffens juryfoarsitter Jan Dijkstra wie De Greidhoeke Goes Onderwijs in orizjineel en oansprekkend projekt, dat der yn slagge is in grut tal eleminten byinoar te bringen. Dêrby gong it om kultuer,

gearwurking tusken de fjouwer skoallen, duorsumens, ynternasjonalisearing, digitalisearing en ynnovatyf lesjaan.

Feikje Toering, direkteur fan it ûnderwiisteam fan de fjouwer skoallen fynt dat de priis in stik erkenning en wurdearing is foar it wurk fan de bern en de learkrêften fan de skoallen. „It jout oan dat wy goed dwaande binne“, sa stelt Toering. Se neamt Greidhoeke goes Onderwijs in bysûnder projekt, dat

foar bining soarge hat. „Der siet fan alles yn.“

Bysûnder is ek dat de doarpen der by belutsen waarden. „De bern ha ûntdutsen hoe't se ûndersykjend leare kinne en de útkomsten tapasse kinne. Mei dat aspekt geane wy fierder“, fertelt de direkteur. Bern belûke by it ûnderwiis hat fertuten dien. De skoallen binne drok dwaande mei it betinken fan in nij projekt, wêrby wer in belangrike rol weilein wurdt foar de bern.

## Woningen op plek Otto Clantskoalle in Boksum

**Boksum** - In Boksum is behoefte aan generatiebestendige woningen. Dat blijkt uit een enquête die werd gehouden onder de inwoners van het dorp. Zowel onder jongeren als onder ouderen in Boksum is behoefte aan woningen. Om die reden gaat dorpsbelang in Boksum verder met het

ontwikkelen van een hofje, waar ruimte is voor zes tot acht woningen. Het hofje, een zogenaamd Knarrenhof, komt op de plek van de leegstaande Otto Clantskoalle. De basisschool ging vorig dicht. De kinderen gaan nu in Deinum naar school. Het is de bedoeling dat de school

ter zijner tijd wordt afgebroken om plaats te maken voor de woningen.

Het idee van een Knarrenhof, waarbij de bewoners elkaar helpen, ontstond eerder in Zwolle. Op diverse plaatsen in het land wordt het concept nu overgenomen en ontstaan Knarrenhofjes.

## SDS bekert fierder: 'Wy ha der wol fertrouwen yn'

**Easterein** - It earste fan SDS spilet op tiisdeitejûn 19 febrewaris (20.00 oere) yn de fjirde ronde fan de Beker tsjin it earste fan SC Twizel út Twizel. It is de earste kear yn de histoarje dat SDS yn de striid om de noardelike beker foar amateurklubs 'oerwinter' hat. By winst spilet de Eastereinder klub yn de fyfde ronde tsjin it Drintske Elim 1 of Flevo Boys 2 út Emmeloard.

Op papier binne Twizel en SDS aardich oan elkoar weage. SDS spilet op sneon yn tredde klasse A, de ploech út Twizel spilet ek op sneon en dan yn de tredde klasse B. „Wy ha kâns om in ronde fierder te kommen“, sa seit foarsitter Willem Wijnja fan SDS. Ek trainer Douwe Posthuma is optimistysk oer de kânsen fan SDS. „De foarútsichten binne goed. Ik ha der wol

fertrouwen yn, wy begjinne hieltenten better te draaien.“

Neidat yn de poule gelyk spile waard tsjin Foarút (0-0) en wûn waard fan Beetgum (3-0) en Bolsward (4-0) moast SDS it yn de twadde ronde fan de beker opnimme tsjin Waskemeer (4-1) en Leoardia. De lêste wedstriid einige yn 2-2, mar SDS wûn nei strafskoppen. „Dat wie wol spesjaal“, seit trainer Posthuma. It is ek foar as trainer de earste kear dat er yn de beker oerwinter hat. De fjirde ronde fan de beker is wol spesjaal, fine Wijnja en Posthuma. „Je spylje tsjin klubs dêr't je oars net tsjin spylje“, seit de foarsitter. „En as wy dizze westriid winne wurdt it hiel ynteressant. Dan krije wy mei de wat gruttere klubs te meitsjen.“

Tel: 0515 - 413372

**ALLICHT**

• Verlichting • Lichtadvies  
• Onderdelen • Elektronica

www.allichtverlichting.nl  
www.allichtelektro.nl

Oud Ierlhof 6 - 8501 EE - Sneek

**AUTOBEDRIJF**  
Theunis Hofstee

HET AUTOBEDRIJF IN EASTEREIN IS WEER GEOPEND!

Info@theunishofstee.nl  
0515-331280

Oant Sjen!